

Musical Sara: 15, 16, 17, 18 en 19 april

Het hele musical team kijkt met groot enthousiasme uit naar de uitvoeringen in april. Nog een paar weken en dan is het zover. De kaartverkoop loopt geweldig, er zijn al vier voorstellingen uitverkocht. We gaan zelfs een extra voorstelling houden op donderdag 16 april. De repetities zijn nog in volle gang. Tijdens de dienst op 8 februari is al een klein voorproefje gegeven van wat u te wachten staat. En op zaterdag 7 maart waren we zelfs de hele dag aanwezig in Nieuw Perspectief en kregen we voor het eerst een goed beeld van het geheel. Onze regisseur Evert Rijpma heeft een prachtige terugblik op die dag geschreven, die hieronder integraal is weergegeven.

*“Wat in dei juster. Sa’n dei dy’t noch lang neiklinkt yn ’e holle en yn it hert.
De lêste moannen hawwe wy mei-inoar boud. Sêne foar sêne. Stap foar stap. It dekor
dat syn plak kriget, it ensemble dat him deryn beweecht, spilers en solisten dy’t elkoar
fine yn spul, yn wurden, yn stilte. Stadichoan falt it gear. Wat earst losse stikken wiene,
wurdt no it ferhaal fan Sara.*

*En sa komme der ek hieltyd mear kleuren by. De technyk slút oan. De zenders om, de
earste ljochten dy’t oer it toaniel strike. In flits hjir, in sêft ljocht dêr. It jout al in glimp fan
wat der komt.*

*Dizze faze mochten wy ôfslute mei in dei fol libben. In dei om efkes sjen te litten: hjir
steane wy no. Klean dy’t klear wiene kamen ta libben. Tassen, sjaals, flaggen, kleuren
dy’t it toaniel waarmte joegen en beweging. It waard ynienen net allinne mear repetysje
... it waard al hast een “foarstelling”*

*En tuskentroch wie der tiid foar wat oars dat ek sa wichtich is: mei-inoar oan tafel. In
hearlike lunch, praat, laitsjen. De enerzjy dy’t troch de romte gûnzje. Sa’n momint datst
tinkst: dit dogge wy echt mei-inoar.*

*Ek makken wy hjoed kennis mei it hiele combo. De muzikanten dy’t it ferhaal drage sille,
de klanken dy’t ús spul omearmje.*

No giet de blik wer foarút.

*De faze fan slypjen is begûn. Nochris rinne. Nochris spylje. Wenne oan de wikselingen,
de snelheid, de stilte.*

*Wannear begjint it wurd. Wannear set it liet yn. Hokker beweging heart derby.
De wurden krije noch mear krêft. De timing wurdt noch strakker. De tekst gjit djipper yn ’e
lea sitten.*

Sa bouwe wy fierder. Mei dizze prachtige ploech.

Rjochting de foarstellings dêr’t alles byinoar komt.

Mar foar no nimme wy it gefoel fan juster mei. De waarmte. De wille. De enerzjy.

*En dêrom sis ik gewoan:
Tige tank,
Evert.”*

Kernteam Musical Sara